

IT AMBYLD

Nû. 46



ISSN: 2542-7423

IT FRYSK BOUN OM UTENS

www.fryskbutenfryslan.frl

Gêrsmoanne 2017

Skriuwer: Kees van der Beek
Beemdweg 29
3852 XC ERMELO
till. 0341 - 559343

e-mail skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl

*Maet, as hja miene wy rekken yn rêst -
't Ark leit forsille, de krêften bin dwêst -
Swaei dan dyn hammer as Thor troch de loft,
Smei, dat it dindert yn daev'rijende noft,
Smei, dat de fûnken it andert fjurkje:
Net wier, w y w u r k j e !*

(Fedde Schurer : IT ANDERT)

Administraasje: J. Vogel
Yellowlaan 4
1695 HV Blokker
INGbank rekkennûmer: NL94INGB0000320077 op namme fan:
It Frysk Boun om Utens, Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker

Utnoeging

foar de 93^{ste} Algemiene Gearkomste fan "It Frysk Boun om Utens" op sneon 8 april 2017 yn Lelystêd 'De Ontmoetingskerk' - Schor 4, 8224 CM Lelystad

Wurklist:

13.30 Untfangst troch gastkrite "Flevolân de Sékrite" fan Lelystêd mei in kopje kofje of tee en in stikje oranjekoeke.

14.00 Iepenjen gearkomste

15.30 Skoft mei kofje of tee of in fris drankje

17.00 Sluten gearkomste

17.45 Brea-miel

18.45 Ein brea-miel

Fertrêdzje

20.00 Jûnsprogramma mei toanielselskip "PRO REGE" fan Holwert – sy komme mei it stik "Ik wol gjin oare mem" – ek yn de Ontmoetingskerk.

Ynrin fan 19.15 oere ôf.

Kosten:

Wolle jo it jûns-programma bywenje, dan is de yntree dêrfoar € 10,00 as jo lid binne. Net-leden betelje € 15,00. Foarôf kinne jo yn de Ontmoetingskerk oanskowe by in Flevolânske bôletafel (fanôf 18.00 oere) – dit kostet € 12,50. **De organisaasje yn Lelystêd wol dit fansels graach op 'e tiid witte, want de bôletafel giet troch as der mear as 20 minsken harren opjûn hawwe.** As jo mei-ite wolle, dan moatte jo it oantal dielnimmers foar de bôletafel foar **15** maart fia in mail nei sekrite@janbijkerk.nl trochjaan. Wolle jo sawol mei - ite as nei it jûnsprogram dan betelje jo € 22,50 de man/frou.

Meitsje dêrom **foar 25 maart** it jild oer nei: de ponghâlder fan de Fryske Krite "Sékrite" fan Lelystêd op it rekkennûmer NL84 RABO 0348 113 889 en skriuw jo namme derby en mei hoefolle minsken jo komme wolle.

Rûtebeskriuwing : Rûte West



Rûte Oost



Detail Ontmoetingskerk:



.....

De Sékrite rekkenet fansels de hiele middei en jûn op jimme!

Bygeande lêstbrief graach **ynfolje** en - ûndertekene troch de foarsitter en de skriuwer - op syn lêst in wike foar de Algemiene Gearkomste stjoere nei de Bounsskriuwer. **Foech om yn** de A.G. harren **stim út te bringen** hawwe allinnich de twa fan it bestjoer oanwiisde lêstnimmers.

It Boun rekkenet wer op jimme kommen, dat oant sjen op sneon 8 april o.s.!!

De skriuwer, Kees van der Beek

Wurklist 93ste Algemiene Gearkomste yn Lelystêd

Wolkomstwurd fan de foarsitter fan de krite “Flevolân de Sékrite” fan Lelystêd, de hear **Jan Bijkerk**

1. Iepening troch de foarsitter fan it Boun, dr. Hâns Dijk
2. Meidielingen en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de 92ste A.G. yn Hoarn (side 5-14)
4. Jierferslach skriuwer oer 2016 (side 14-19)
5. Ferslach rekkenopnimmers oer 2016 (Apeldoarn en Arnhem) en beneamen nije rekkenopnimmers (Arnhem en Assen)
6. Finânsjes: (side 19-20)
 - a. Jierrekken ponghâlder 2016
 - b. Begrutting 2017
7. Ferslach rekkenopnimmers Sintrale Boeke Ferkeap (SBF) 2016 (Apeldoarn en Arnhem) en beneamen nije rekkenopnimmers (Arnhem en Assen)
8. Jierrekken Sintrale Boeke Ferkeap (SBF) oer 2016 (side 20-21)
9. Algemiene Gearkomst 2018 en 2019 (side 21)
10. Toanielsaken: (side 21-22)
 - It Boun
 - IFAT (It Frysk Amateur Toaniel)

15.30 Skoft

NB. In moaie gelegenheid en keapje by de skriuwer oarkonden foar de priis fan € 1,-- it stik

11. Sprekker – Dr. H. Brand, direkteur-bestjoerder fan de Fryske Akademy yn Ljouwert.
12. Bestjoer: Ofgean en wer ynhiere fan nije bestjoersleden (side 22)
13. PLAN23 – de takomst fan It Frysk Boun om Utens (side 22-23)
14. Kontakt bestjoersleden mei de krite (side 24)
15. Moetings en Ynspiraasje-dei 2017 (ideeën) (side 24)
16. Mediasaken/Omrop Fryslân (side 24-25)
17. Promoasje Boun (side 25)
18. Nijsfoarsjenning nei de krite ta (side 26)
19. Folkshegeskoalle Schylgeralân – ‘spesjaal’ foar Friezen om utens! (side 26)
20. Wat fierder noch op it aljemint komt.
21. Omfreegjen
22. Sluten fan de 93ste Algemiene Gearkomste (± 17.00 oere)



Ad 3 Oantekens fan de 92^{ste} Algemeine Gearkomste fan “It Frysk Boun om Utens” op sneon 6 april 2016 by de krite “Troch de Tael ferboun” fan Hoarn

De foarsitter fan ‘Troch de Tael Ferboun’, Tiny Dijkstra, hjit eltsenien hertlik wolkom yn Hoarn, yn De Huesmolen. Sy sjocht werom yn ‘e tiid: eartiids wie de ôfstân nei Fryslân folle grutter as no. Der wie gjin Ofslútdyk en dêrom sochten de minsken bûten Fryslân elkoar op, sawol yn Nederlân as yn it bûtenlân. Oeral wiene Fryske krite. No hat de krite Hoarn noch 140 leden, mar de leeftiid rint op. De toanielploech is al fuort. Men sjocht no in ynfaasje út oare lannen; it is faaks deselde situaasje as doe. Ek it langstme nei it heitelân bliuwt.

Nei noch wat húshâldlike meidielings jout Tiny it wurd oan de foarsitter fan It Boun, Hâns Dijk.

1. Iepening troch de foarsitter fan It Boun, Hâns Dijk

De foarsitter iepenet de 92^{ste} gearkomste fan it Frysk Boun om Utens. Hy hat eins neat ta te foegjen oan it wurd fan Tiny Dijkstra. Dat wie tige moai. Tiny kriget in blomke. Hâns betanket dat wy hjir hjoed wêze meie. In kompliment foar de organisaasje. In spesjaal wolkom is der foar Jitske Kingma, fan útjefterij Elikser (sy komt by agindapunt 9 oan bar) en Kees Kuipers fan It Selskip 1844 en IFAT.

Ek in spesjaal wolkom foar de eareleden Stoffel Haagsma, Sjoerd Bakker, Hâns Weijer en Betty van der Schaaf. Sy spilet mei yn in kommersjal oer scootmobilen.

Ek Hâns Dijk sjocht efkes werom yn de tiid; der is in soart fuort yn en op it Fryske lân: boeren, arbeiders, skoallen, winkels, ensf. Sa’t Geart Mak skreau yn syn boek ‘Hoe God verdween uit Jorwerd’, sa is it ek gien: in stille revolúsje’ neamt Hâns it. ‘Mar wy hâlde de moed deryn’, seit er.

Hjirnei wurdt it Frysk Folksliet songen, mei begelieding fan Jaap Bakker op syn lûkpûde en is de gearkomste iepene.

2. Meidielings en ynkommen stikken

Der is berjocht fan behindering fan de eareleden Klaas Bos en fan Wietse en Hinke Hofman en fierders fan Rennie Visser (krite Haarlim). Sy is slim siik. Der is in kaart foar Rennie, dêr’t eltsenien de namme op sette kin. Obe Posthumus (lêsrûndte Arnhim) stiet yn Lelystêd en kin net oer de dyk nei Enkhuzen (dy sit ticht). Obe komt net.

Behindere binne ek Koen Eekma (AFUK), Lutz Jacobi, Hendrik Tel (krite Twinte), krite de Haach (makket in trochstart) en krite Súdeast Drinte .

Oanwêzich binne (fertsjintwurdigers fan) de krite: Apeldoarn, Assen, Boadegraven, Haarlim, Hilversum, Hoarn, Hurderwyk, Lelystêd, Meppel, Seist, Swol, Twente, Utert. Sjoch fierders de presinsjelist.

De gearkomste betinkt steand de leden dy’t ferstoarn binne.

3. Oantekens fan de 91^{ste} Algemeine Gearkomste yn Enschede

3.1. Flaters yn de tekst:

Punt 6.1: BSF stiet foar Bibliotheek Service Fryslân.

Nei punt 21: de datum moat wêze ‘april 2015’.

De oantekens wurde fêststeld mei applaus foar de gearstaller.

3.2. Nei oanlieding fan:

Der binne gjin fragen.

Nei punt 3 wurdt earst punt 9 (de takomst fan it SBF) behannele. Yn dizze oantekens bliuwt de agenda sa as dy tastjoerd is.

4. **Jierferslach bounsskriuwer oer 2015**
Der binne gjin opmerkingen en/of fragen oer. Kees v.d. Beek kriget applaus.
5. **Ferslach rekkenopnimmers oer 2015 en beneamen nije rekkenopnimmers**
Sikke Klaver (krite Apeldoarn) seit út namme fan de rekkenopnimmers (Apeldoarn en Twente) dat de boeken fan it Boun kontrolearre binne. Se fûnen it tige yn oarder. Se stelle út it bestjoer te desjarzjearjen en dat wurdt troch de gearkomste oernommen mei applaus.
Nije rekkenopnimmers oer 2016 wurde Apeldoarn en Arnhem.
6. **Finânsjes**
 - 6.1. Jierrekken ponghâlder 2015
Hâns Dijk jout taljochting. It foardielich saldo is mei te tankjen oan de krite Wageningen, dy't It Boun stipe hat nei't se de krite opheft hawwe.
 - 6.2. Begrutting 2016
Hâns Dijk jout taljochting op de begrutting. Der binne gjin fragen oer.
7. **Ferslach rekkenopnimmers Sintrale Boeke Ferkeap 2015 en beneamen nije rekkenopnimmers**
Ut namme fan de rekkenopnimmers seit Sikke Klaver (krite Apeldoarn) dat de boeken fan Janke Bergmans kontrolearre binne en yn oarder fûn. Janke kriget applaus foar har krewearjen mei de boeken. Nije rekkenopnimmers oer 2016 wurde Apeldoarn en Arnhem.
8. **Jierrekken Sintrale Boeke Ferkeap oer 2016**
Hâns Dijk jout taljochting. Der binne gjin fragen.
9. **De takomst fan it SBF - mei ynbring fan Jitske Kingma fan útjouwerij Elikser út Ljouwert**
Hâns Dijk fertelt dat Janke Bergmans der mei ophâlde wol. De ferkeap fan nije boeken rint tebek en guon boekeferkeapers wolle ek ophâlde. De útjouwers meitsje it ek net maklik: jo kinne net ien boek bestelle, mar it moatte der mear wêze. Boppedat is der de fêststelde priis.
Sjoerd Bakker (Swol) neamt Steven Sterk, dy't boeken opkeapet. As hy ûnder de priis keapje kin, meie ús klanten dat dochs ek?
Sjoerdsje Bijkerk (Lelystêd) seit dat âlde boeken wol ferkeapje. Hoe lang is in boek 'nij'?
Henk de Boer (Apeldoarn) seit dat yn Apeldoarn de ferkeap noch wol rint, mar dêr komt it probleem ek; de foarrie nije boeken is grut. Moatte se âlder wurde?
Jan Kooistra (Hilversum) seit dat ferkeap fan 2e hâns boeken goed giet, mar nije net. Dochts hat de boeketafel ek in sosjaal effekt; minsken sneupe, mar se keapje net altyd.
Tonia Rijpkema (Haarlim) fynt de ôfskriuwing fan € 18.000,- te grut. Sy tinkt dat de ôfskriuwing flugger giet en dat de foarrie dus minder wurch is.
Tiny Dijkstra (Hoarn) seit dat de e-reader mear brûkt wurdt as in echt boek. Skriuwers heakje der op yn troch e-boeken út te jaan.
Jelma Wiegiersma (Swol) seit dat by in lêsrûnte minder kosten binne, mar dat der dan wol boeken kocht wurde.
Hâns Weijer (Assen) fynt dat in lêsrûnte net mear ferkeap opsmyt.
Ludzer v.d. Schors (Meppel) seit dat der yn Meppel gjin nije boeken mear ferkocht wurde; âlde boeken rint sa goed dat de priis wol omheech koe.
Siska v.d. Beek (Hurderwyk) seit dat krite Hurderwyk gjin nije boeken ferkeapet, mar wol âlde. De prizen fariearje.
Jelma Wiegiersma (Swol): minsken keapje gjin nije boeken mear, mar wolle opromje.

Jitske Kingma kriget it wurd. Se reagearret op de opmerkings dy't makke binne.

Wolle de minsken wol lêze, mar is de priis te heech? Hokker boeken moatte der komme? Tige wichtig is har opmerking dat nei 2 jier de fêststelde priis fan in nij boek net mear hoecht; dy mei dan nei ûnderen! Elikser wurket mei 'It boek fan 'e moanne': in aksjepriis dy't ek leger is as de fêststelde priis. Je moatte leverje wat de minsken lêze wolle, seit Jitske. Fryske boeken rinne net hurd. Dêr kin Elikser net fan bestean. Der is subsidzje fan de provinsje, mar dy is dreech te krijen. Se hat in struierke mei oer boeken fan Jan Schokker, dy't subsidiearre binne. Reklame meitsje yn in kriteblêd soe ek in mooglikheid wêze kinne. Jitske seit dat it e-boek in nije fariant is. In lêsrûnte is in goed idee en boeken fergees opstjoere moat kinne. Hâns Dijk seit dat Jelma Wiegersma en Jan Roelants (Utert) oanjûn hawwe dat se de foarrie boeken fan Janke Bergmans wol oernimme wolle en de SBF trochsette wolle mei de doelen yn gedachten: de foarrie safolle mooglik sjen te ferkeapjen en it fasilitearjen fan lêsrûntes en boekeferkeapers.

It útstel dat Jelma Wiegersma en Jan Roelants dienen stie op it skerm – hjir is de tekst sa fan oernommen:

Utstel Sintrale Boeke Fûns

It oantal kriterint rint tebek, it oantal leden fan de kriterint rint tebek, leden wurde âlder en wolle net mear spul oantugje mar just it hûs opromje. Wy begripe goed dat de ferkeap fan de boeken tebek rint. It is spitich om hieltyd minder te ferkeapjen, mar wy binne bliid mei elk boek / cd / dvd dy't wy oan de man bringe; it giet ommers om de Fryske taal.

It Ambyld hat in pear bledsiden bestege oan it SBF en om't wy yn noed sitte oer de takomst fan it boekferkeapjen by it FBoU hawwe wy dit útstel opsteld.

Njonken de neamde punten yn it Ambyld Nû. 45 sjogge wy ek positive saken;

- 13 Kriterint hawwe omset hân yn 2015 en der binne yn 2016 dus noch seker 9 kriterint mei in boekferkeaper
- Gruttere omsetten sjogge wy benammen mei kriterint mei in lêsrûnte
- De foarried is heech en der sitte noch in soad moaie boeken tusken

Neffens ús binne de foarstelde mooglikheden foar de takomst net kompleet. Wy biede as duo oan, om de sintrale boekeferkeap op in oare wize yn te foljen. Dit mei de folgjende doelen yn gedachten:

- De foarried safolle mooglik sjen te ferkeapjen
- It fasilitearen fan lêsrûntes en boekferkeapers

Wy wolle it folgjende dwaan:

- Help by ferkeap oan de besteande boekferkeapers troch:
 1. Oan te jaan hokker boeken út harren foarried foar in redusearre priis oanbean wurde kinne (boeken dy't âlder binne geane yn de gewoane boekhannel ek foar in leger bedrach fuort, dêryn wolle wy net ôfwike, want dan soene wy ús keapers tekoart dwaan)
 2. Rûlaasje fan de foarried sadat kriteleden geregeld wat nijs lizzen sjogge op de boeketafel
- Wy wolle trochgean mei it op bestelling keapjen fan boeken mei koarting foar lêsrûntes, leden en boekferkeapers. Dit betsjut dat 90 % fan de oankeapen dy't wy dwaan sille by de útjouwers / AFUK fuortdaliks ek ferkocht is en dat wy de foarried net langer oanfulle.

- Besite oan krite sûnder boekferkeaper tidens in grutte toaniel- of jubileumjûn mei in aardich assortiment boeken, cd's, dvd's en snypsnaren, maksimaal 1 kear yn it jier per krite (lykas hjoed by de krite yn Hoarn). Dit kin eventueel ek by krite mei in boekferkeaper – fansels yn de mande mei de boekferkeaper.
- Mear gearwurking mei de lêsrûntes. Lêsrûntes kinne, as se wolle, in koart ferslach meitsje fan har boekbesprek. Dit besprek kin dan dield wurde mei de oare rûntes en kin ek as kopij foar kritekranten brûkt wurde (foar de boekehoeke), as se dat goed fine. Ek kinne wy berjocht dwaan fan nij útbrochte boeken, dy't nijsgjirrich wêze kinne foar de lêsrûnte. Dizze ferslaggen soene eventueel ter ynspiraasje ek op de mail set wurde kinne nei de email-stipers en op Facebook / de webside delset wurde kinne.

Dizze wurkwize kin oer 2 jier evaluearre wurde.

Wy kinne dit dwaan, as

- Krite (it opstarten fan) lêsrûntes stimulearje en sy reklame meitsje foar de komst fan de (sintrale) boekferkeaper;
- De sintrale boekferkeaper dy't op in kritejûn komt (om boeken te ferkeapjen) gjin entree hoecht te beteljen oan de krite;
- De bensine- en parkearkosten deklarearre wurde meie yn de boeken fan SBF;
- Akseptaasje dat de boekeferkeap gjin grutte opbringsten mear jaan sil foar it Boun (mei útsûndering fan de ienmalige opbringst fan de gruttendiels ôfskreaune foarried).

Jelma Wiegersma en Jan Roelants.

Dizze tekst wurdt troch de skriuwer oan alle kritebestjoeren tastjoerd

It bounsbestjoer sil der yn de earste gearkomste oer prate.

Henk de Boer (Apeldoarn): in goed foarstel; mar wat dogge wy mei de 'âlde nije' boeken? Dizze opmerking nimt it bestjoer mei.

Tonia Rijpkema (Haarlim): net alles is âld; tink dêrom by it ôfpriizgjen.

Trieneke Vos (Seist) seit dat in boek as priis by de ferlotting ek goed wurket.

Tonia Rijpkema (Haarlim) seit dat as alle krite 5 boeken keapje, de foarrie flink nei ûnderen giet, mar men kin dit net oplizze fansels.

Hâns Dijk slút de diskusje. Hy tanket eltsenien foar de opmerkings en Jitske Kingma kriget in blomke en in slúfke. Janke Bergmans hat sein dat se mei Jitske it bêste saken dwaan kin.

It bestjoer sil oer al dizze saken gear en dan komt der berjocht nei de krite.

10. **Algemeine gearkomste 2017 en 2018**

De Algemeine Gearkomste 2017 wurdt hâlden yn Lelystêd, by de Sékrite, op 8 april 2017. It fersyk oan de krite is om op dy datum gjin kritejûn te hâlden.

Yn 2018 is Ljouwert it plak der't de AG hâlden wurdt. Dit yn it ramt fan 'Kulturele Haadstêd fan Europa'.

De datum is 14 april 2018. It idee is om dan ek in Friezedei te hâlden.

Tonia Rijpkema (Haarlim) seit dat de krite Haarlim yn 2018 120 jier bestiet. It is de âldste krite. Tia Walstra freget oft Haarlim mei dwaan wol yn de organisaasje fan de Friezedei. Wurdt noch fierder útwurke.

11. **Toanielsaken**

- 11.1. It Boun: De toanielploegen wurde minder yn oantal. Toaniel bliuwt tige wichtich foar it Boun en de oansletten krite. Yn eltse krite binne ien of mear toanieljûnen yn it winterskoft. De toanielploech fan Utert-Boadegraven-Hilversum-Woerden (dielstoaniel) hat in nije regisseur.

De repetysjes rinne en 27 novimber is de premjêre yn Boadegraven. Utnoegings komme noch. It docht bliken dat dy datum gearfalt mei de fiering fan it jubileum yn Lelystêd. Pietie Westdijk sil sjen oft der noch wat oan de datum fan de premjêre te feroarjen is.

De toanielploech fan Assen is dwaande mei in nij stik.

- 11.2. **IFAT:** By alle bestjoersgearkomsten fan it Bounsbestjoer wurdt de stân fan saken op it mêd fan toaniel besprutsen.

IFAT ('It Frysk Amateur Toaniel' is yn 1953 oprjochte troch:

- * BFT – Boun fan Fryske Toanielselskippen
- * FBOU – Frysk Boun om Utens
- * It âld Selskip – Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy't ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.

IFAT besiket dat doel nei te stribjen troch it stypjen fan toanielkrigen, fan stúdzjedagen en stúdzjewykeinen, fan karmasterskursussen, fan kursussen beljochting, dekôrbou en oare toanielomballings, rezjykursussen, en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal. IFAT is in lanlike organisaasje en kriget sûnt 1953 lanlike subysdzje, sûnt 2002 yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak "Fryske Taal en Kultuer". IFAT behertiget de belangen fan de trije oansletten organisaasjes benammen yn it oerlis mei de oerheid oer it subysdzjebarren.

- 11.3. **Toanieldei:** Op 3 oktober 2015 is der yn Nunspeet in toanielstúdzje-dei hâlden. De ynlieder, de hear Bouke Oldenhof, wurket mei in professionele oanpak om fanút de tekst mei de spilers oan de slach te gean. De les dy't hy de spilers leart: 'Spylje fanút de karakters, net fanút de karikatuer, mei respekt foar it eigene fan dat karakter'. Yn 2016 is der gjin toanielstúdzjedei.

12. Bestjoer – ôfgean en wer ynhieren fan bestjoersleden

It roaster fan ôfgean sa't dat fêststeld is, is:

2016: Gerrit Stegenga

2017: Hâns Dijk en Tia Walstra

Boppedat is der noch de fakature fan ponghâlder.

Jan Vogel (krite Hoarn) hat him beskikber steld as ponghâlder. Der binne gjin tsjinkandidaten. De gearkomste ferkiest Jan as ponghâlder yn de fakature Albert de Jong, Jan akseptearret de ferkiezing en mei applaus is syn beneaming in feit. Jan fertelt it ien en oar oer himsels.

Der binne ek gjin tsjinkandidaten foar Gerrit Stegenga. Hy hat sein noch wol 4 jier fierder te wollen. De gearkomste hat hjir applaus foar oer.

Hâns Dijk seit dat der yn 2017 in nije foarsitter komme moat, om't hy net werkiesber wêze wol.

13. Plan 23

De oprop om e-mailadressen hat sukses hân. Der binne op it stuit 125 adressen sammele fan oer de hiele wrâld. Op de fraach wat de bedoeling is, jout Kees v.d. Beek as antwurd dat der mooglik in aktiviteit organisearre wurde kin as der in tal adressen byinoar lizze en dêr gjin krite is. De adressen wurde ek brûkt foar it stjoeren fan ynformaasje. Guon minsken hawwe witte litten dat dat net harren bedoeling is. Kees hat hjir oandacht foar.

Ida Knobbe (Seist): de minsken skrikke fan alle ynformaasje en dan skriuwe se harren út; is der in 'wolkommail'? Kees v.d. Beek seit fan net. Der stiet ek in soad ynformaasje op de webside.

Jan Bijkerk (Lelystêd) seit dat in wolkommail wol moai wêze soe. Hâns Weijer (Assen) fynt dat ek in goed idee. Minsken net útskriuwe as se net alle ynformaasje hawwe wolle. Kees v.d. Beek sil der oer te set.

14. Kontakt bestjoersleden mei kriterien

Op de webside stiet de ferdieling van de bestjoersleden oer de kriterien. Fierders binne der gjin opmerkings oer dit punt.

15. Moetings- en ynspiraasje wykein 2016

Dit hie eartiids de namme 'Kaderwykein'; in barren dat om de 2 jier hâlden wurdt om fan elkoar te lere en sa it kriterien te befoarderjen. It is net allinne foar bestjoersleden fan kriterien. En der is ek oandacht foar toaniel.

It wykein fan 2014 wie tige nijsgjirrich, gesellich en nuttich. Ut de enkête dy't doe hâlden is, kaam dat it wykein trochset wurde moat.

Foar it moeting- en ynspiraasjewekein 2016 binne ideeën / sprekkers ensf. tige wolkom by de foarsitter of skriuwer.

Hâns Dijk seit dat der earst ynfentarisearre wurdt wa't hjir oan meidwaan wol. Dêrnei wurdt it ôfpraat. It hoecht net perfoarst in wykein te wêzen. Der komt in mail oer nei de kritebestjoeren.

16. Mediasaken/Omrop Fryslân

Jan Piet Bergmans is der net. Omrop Fryslân is no oeral te ûntfangen, sadat dat probleem oplost is. De nije mediawet stiet no tige yn it ljocht. Dat is in politieke saak en jout in protte gedoch oer hoe't de omroppen yn de takomst funksjonearre moatte. Jan Piet Bergmans hat it ien en oar op papier set (Ambyld side 27), wat hjirûnder oernommen is.

Op de AG fan it Boun op 11 april 2015 yn Twente ha ik de stân fan saken jûn oer de posysje fan Omrop Fryslân yn it ramt fan de op te stellen Mediawet. Ik ha doe sein dat it Ryk net goed om giet mei de minderheidstalen. It Ryk is SLEAU! Ek al is der in bestjoersôfspraak tusken Ryk en provinsje Fryslân, ek al is der in Europeesk Hânfest foar Minderheidstalen, it is gjin garânsje foar de bysûndere posysje fan Omrop Fryslân.

Op grûn hjirfan ha ik myn soargen útstprutsen oer de Mediawet.

De behanneling fan de Mediawet yn de Twadde Keamer en – yntusken ek yn De Earste Kamer - hat plak fûn. Der is troch ferskate belanghawwenden noch wol besocht ynfloed út te oefenen. Ik skriuw hjirûnder de belangrykste saken fan it ôfrûne jier.

17-6-2015 - Der hat e-mailkontakt west tusken it Boun en de Freonen fan Omrop Fryslân (FOF). Wy ha skreaun dat wy/It Boun it in frjemde saak fine dat ROOS (de oerkoepeljende organisaasje fan alle trettjin regionale omroppen yn Nederlân) in plan presintearret wêrby't Omrop Fryslân (OF) syn selsstannichheid ferliest. Dit omdat de hear Koster yn dit ramt yn in rare posysje sit: hy is lid fan ROOS en 2e foarsitter, mar ek is hy direkteur fan Omrop Fryslân. In rare posysje: "mei twa fuotten yn ien hoas". Wy ha oanjûn dat wy graach it sinjaal ôfjaan wolle oan it bestjoer fan Omrop Fryslân en/of Rie fan kommissarissen fan OF, dat Koster him werom lûke moat út ROOS. Allinne dan kin er foar de belangen fan (in selsstannich) OF opkomme. Wy hawwe oanjûn dat it ús it bêste taliket om as Boun mei de Freonen fan Omrop Fryslân te 'striden' foar in sterk OF.

21-6-2015 – Andrys de Blaauw, foarsitter fan de FOF, jout in rekasje op de e-mail fan 17 juny 2015. It bestjoer fan FOF hat ek soargen oer de posysje fan Omrop Fryslân. Se begripe ús stânpunt oer de posysje fan Jan Koster. De Blaauw jout wat eftergrûnynformaasje: Steatsiktaris Dekker woe ferline jier alle regionale omroppen ûnderbringe by de NPO, ûnder 1 direksje. Alle sizzenkip soe fuort wêze en in besuniging fan 23 miljoen. ROOS fûn dit ûnakseptabel en stelde foar om mei in eigen inisjatyf te kommen. Dat is bard. It plan fan ROOS hat ta gefolch dat der feroaringen kaam binne. Sa is de besuniging no 17 miljoen! Dit plan soe polityk it meast helbere wêze

Jan Koster hat, yn syn posysje fan 2e foarsitter fan ROOS, oan dit plan, wat al in hiele stap foarút is neffens Dekker syn idee, in protte bydroegen. En hy hat der foar soarge, mei ynstimming fan de oare regionale

stjoerders, dat it behâld fan it Frysk yn it ROOS-plan opnaam is! De Blaauw skriuwt: ek al sit Koster mei 2 fuotten yn ien hoas, yn syn posysje as 2e foarsitter fan ROOS hat hy hiel wat foar Omrop Fryslân betsjutten en kin hy noch hiel wat betsjutte! Dit is foar de FOF reden om syn posysje net ter diskusje te stellen. Wy as Freonen fan Omrop Fryslân fine dat it ferdwinen fan de selsstannichheid fan ús Omrop Fryslân in grut tekoart docht oan de mediafersjenning yn ús provinsje en ek tekoart docht oan de Fryske taal en kultuur. Dit ha wy ek kenber makke oan alle politike partijen, en sa ek op ús webside set. Fierders binne wy fan miening dat benammen de provinsje Fryslân oan bar is om rjochting Den Haag aksje te ûndernimmen. Wy ha harren dêr ek al ta opropen.

9 july 2016 - Yn in e-mail (9 july) en in brief (10 july) oan deputearre Poepjes fan provinsje Fryslân hat it Boun har grutte soarch útere oer de takomste fan Omrop Fryslân. Yn de brief ha wy it koällysjeakkoart “Mei elkenien – foar elkenien” tusken it CDA, de VVD, SP en FNP foar in nij provinsjaal bestjoer yn Fryslân oanhelle. Hjiryn wurdt beskreaun wat de ambysje fan de provinsje wêze sil foar in libjend Frysk eigene. De provinsje jout oan dat Omrop Fryslân foar har in wichtige pylder is foar it brûken fan de Fryske taal. Om dizze reden wol de provinsje it Ryk hâlde oan de ôfspraken dy’t al makke binne: Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer, It Europeeske Hânfêst foar regionale talen, de oanbefellings fan de kommisje Hoekstra, ensfh. Benammen troch it advys fan de kommisje Hoekstra is it strjiben nei in wetlike ferankering fan de Fryske taal en Omrop Fryslân yn de mediawet.

Op grûn fan dizze dokuminten sprekt de provinsje de ambysje út dat Omrop Fryslân behâlden bliuwt as in selstannige omrop. As Boun om Utens ha wy frege oan de provinsje hoe’t sy tinke dy ambysje wier te meitsjen.

Deputearre Poepjes hat fuortendaliks reagearre. Se hat de stân fan saken op dat stuit jûn. Dit binne antwurden op steatefragen en in brief oan de Provinsjale Steaten. Deputearre Staten sille in ôfspraak meitsje mei de steatssiktaris en him yn in persoanlik oerlis wize op de spesjale posysje fan Omrop Fryslân. DS wol graach mei Provinsjale Steaten oparbeidzjen bliuwe, mar ek mei de oare organisaasjes dy’t harren doe bekroade hawwe oer it Frysk yn de media. It mienskiplike lûd dat sy mei-elkoar hearre litte, hat de lêste jierren syn wearde bewiisd en dêr geane sy graach mei troch.

Foardat de Twadde Keamer de diskusje fiert oer de Mediawet en it plan fan ROOS, wol de provinsje fia de lobby de leden fan de Twadde Keamer ynformearje.

15 oktober 2015 – Op dizze dei is de Mediawet yn de Twadde keamer oan de oarder west. Der hat in protte diskusje west, mar yn essinsje is de Mediawet mei it plan fan ROOS oerein bleaun. Dat betsjut dat Omrop Fryslân har selstannige posysje ferliest.

2 febrewaris 2016 – De Mediawet is yn de Earste Keamer behannele. In mearderheid fan de Earste Keamer wol dat steatssiktaris Sander Dekker syn útstel foar de nije Mediawet oanpast. De measte partijen ha grutte muoite mei de ynfloed dy’t de polityk fia dy wet op de publike omrop krije soe. Senator Joop Atsma wie der min oer te sprekken dat programma’s – dy’t allinnich noch mar kultureel, ynformatyf en edukatyf wêze meie – foarôf beoardiele wurde sille en hy spuide raar guod fan politike beneamingen yn de rieden fan tafersjoch. Neffens Jan Nagel is Dekker dwaande mei it útfieren fan it VVD-programma om it publike bestel ôf te brekken. Om’t soks gjin diel út makket fan it regearakkoart hopet hy dat de PvdA der in skoattelste foar strykt. Dy koalysjepartner is yndied ek tige kritysk. Dekker die wakker syn bêst om syn goeie bedoelingen ta te ljochtsjen en liet him fertokje ta tal fan tasizzings, mar de senatoaren wolle dy earst swart op wyt ha. Dêrom is de fierdere behanneling yn in twadde termyn fan it wetsútstel fersteld nei 1 maart en giet fangefolgen de stimming dy’t plend wie net troch.

Wat Omrop Fryslân oanbelanget, ûnthjitte Dekker dat er in bestjoersakkoart mei de Provinsje Fryslân slute sil om skielk ek foldwaande omtinken foar de Fryske taal en kultuer yn de programmearring te garandearjen. Dat akkoart sil tagelyk mei in ferfolchwet oer de regionale omrop oanbean wurde. Dekker sei, op fragen fan senator Hendrik ten Hoeve, dat it him te rêden is om de ynhâld fan de programmearring,

net om de organisaasjefoarm. In eigen direkteur en Ried fan Tafersjoch lykje him net perfoarst nedich. Atsma fûn it apart dat Dekker by de lanlike omrop no just wol de klam lei op de organisaasjefoarmen. Op 9 april sil der mear dúdlikheid wêze, ferwachtsje ik.

Fia it skerm komt noch in **neibrander** fan Jan Piet oer de nijste ûntwikkelingen – dat wy sa oernommen hawwe:

De lêste ynformaasje oer mediasaken yn It Ambyld wie fan 2 febrewaris. Dat wie de earste kear dat de Earste Keamer diskussearre oer de Mediawet. De Earste Keamer wie it net iens mei de Mediawet. Se droegen de steatssiktris op de Mediawet oan te passen. Dat betsjutte dat de behandeling yn in twadde termyn fan it wetsútsel fersteld waard nei 1 maart.

Yn dizze bydrage jou ik de ynformaasje oer de diskussy oer de Mediawet fan 2 maart oant de stemming op 15 maart.

Op **2 maart** wie de behandeling yn twadde termyn. De taseine brief fan de steatssiktaris wie der, mar neffens guon partijen stie der net genôch yn: de steatssiktaris giet net yn op de frege ûnôfhinklikens fan de Omrop Fryslân. Ek binne der 2 partijen dy't harren besauwe dat Dekker noch hieltyd gjin bestjoersôfspraak makke hat mei de Provinsje Fryslân. OSF-senator Hendrik ten Hoeve): "Omrop Fryslân kin omreden fan effisjinsjy meidraaie yn de RPO mar moat om de bysûndere ferantwurdlikens foar it Frysk ek foldwaande selsstannich wêze." Hy tsjinnet – mei noch 4 partijen – in moasje yn dy 't wiist op it belang fan de Omrop foar it behâld, de befoarderding, de ûntjouwing en de oerdracht fan de Fryske taal en freget om it ynstellen fan in spesjale Mediaried.

De Mediaried moat ynstimmingsrjocht krije by de beneaming fan de haadredakteur fan Omrop Fryslân en wichtich advys jaan by de fêststelling fan jierplannen en it foarsjen fan jild oan radio, televizy en ynternet. Fierder moat de Mediaried advysrjocht krije by de beneaming fan de 'Fryske' bestjoerder fan de RPO.

Op **9 maart** wie de behandeling yn tredde termyn. Doe waard dúdlik dat de Mediawet rekkenje kin op in mearderheid. Der wie wol sprake fan in bysûndere situaasje: de wet wurdt yn twaen knipt om de Earste Keamer mei te krijen. It earste diel oer de regionale omroppen giet direkt yn wurking. It twadde diel, oer de lanlike publike omrop, folget letter, yn oanpaste foarm. Dit diel wurdt earst wer yn De Twadde Keamer behannele en giet dan nei De Earste Keamer.

Op **15 maart** is de Mediawet oannaam, sa't dy hjirfoar ferwurde is, mei in stimferhâlding fan 39 foar en 30 tsjin.

Dit betsjut dus in mindere posysje foar Omrop Fryslân: de selstannichheid is fuort en de besuniging op de regionale omroppen giet troch. Jan Koster, direkteur fan Omrop Fryslân joech as reaksje: der siet net mear yn. Deputearre Poepjes sei dat de provinsje har dellizze moatten hat by de macht fan De Haach.

Mediasaken, Jan Piet Bergmans

Dizze neibrander wurdt troch de skriuwer oan alle kritebestjoeren tastjoerd

17. Promoasje Boun

It promoasjewurk beslacht it neikommende:

- a. Om't de takomst leit by de jongerein advertearje wy út en troch yn it **studintefermidden**, lykas foar it Krystkongres, in studinte-almenak.
- b. **Skriuwe yn blêden of op websiden fan oare organisaasjes**, sa as de Afûk, de Fryske Akademy, de Ried fan de Fryske Beweging en Fan fan Fryslân.
- c. De organisaasje moat te finen wêze yn neislachwurken sa as bgl. de Provinsjale almenak fan Fryslân, it Bûsboekje, Pietersen's Almanak, guon databanken op ynternet, ensfh.

- d. Berikber wêze en ynformaasje jaan op it ynternet mei ús webside www.fryskbutenfryslan.frl.
- e. It docht bliken dat ús webside – sjoen it tal besikers – aardich goed besocht wurdt.
- f. De krite meitsje hieltyd faker gebrûk fan de mooglikheid om har programma fia Facebook oan't publyk bekend te meitsjen.

De redaksje fan de webside bestiet no út Jan Bijkerk en Kees van der Beek.

18. Njysfoarsjenning nei de krite ta

Dêrfoar hawwe wy de **Ynformaasjemap**. Sa't jimme witte stiet dy Ynformaasjemap op de webside en wurdt dêr ek regelmjittich ferfarske. Dy ferfarsking wurdt boppedat oer de mail nei alle skriuwers fan de krite stjoerd. Op dy wize kinne wy de krite flugger berikke en it sparret in protte wurk en tiid. Boppedat is it stikken goedkeaper.

It moat wol efkes wenne foar guon leden. Meitsje sa folle mooglik gebrûk fan ús webside: www.fryskbutenfryslan.frl, benammen ek fan de mooglikheid op de "eigen kriteside" ynformaasje te jaan oer jimme programma en wat noch mear nijsgjirrich wêze kin foar oaren. De webside sjocht der hiel moai út; Kees v.d. Beek en Jan Bijkerk krije applaus foar harren ynspannings. Ida Knobbe (Seist) freget oft der op de webside fia in sykfusje resinsjes fan toanielstikken te finen binne. Jan Bijkerk jout as antwurd dat dat der net is. Foar resinsjes kinne jo better fia google sjen. Jelma Wiegersma (Swol) freget om in nij kopke: 'Hokker nijs is der by de krite'. Hjir kin ynformaasje útwiksele wurde tusken krite lykas resinsjes. De AG fynt dat bestjoeren sels sjen moatte hokker toanielstikken geskikt binne foar harren krite. Geke Tukker (Utert) seit dat it opnimmen fan in logo yn it kriteblêdsje jild opsmyt. Bygl. de Rabobank kin sponsor wêze.

19. Folkshegeskoalle Schylgeralân

Guon leden hawwe meidien oan de putsjewike. Sjoerd Bakker en Tia Walstra wiene op omrop Fryslân, yn Hea en yn 'Musyk yn bedriuw'. Sjoerd Bakker (Swol) freget oft it Moetings- en Ynspiraasjewykein faaks op Skylge hâlden wurde kin? It bestjoer nimt dy fraach mei.

20. Wat fierder noch op it aljemint komt

20.1. Kees v.d. Beek seit dat de ledekaarten foar de krite klear lizze. Graach meinimme.

21. Omfreegjen

21.1. Jaap Bakker (Assen): Hy sjocht efkes werom op de dei. In preek fan Hâns Dijk, dy't súver langer is dan in preek fan guon dûmny's. Jan Piet Bergmans is net gerêst op de ôfrin fan de diskusje oer de media-wet. Sa giet de Fryske taal efterút.

Janke Bergmans nimt ôfskie; Jaap hat in kadootsje foar har. Pietie Westdijk nimt it mei. Jaap seit fierders dat hy noch akwarellen yn 'e ferkeap hat, mar it hoecht net....

Kabaret Noordenbos & Co, dy't fan 'e jûn optrede sille: it is echt Fryslân! Sa't in optreden yn in kafé yn Jorwerd, fan Hindrik v.d. Meer en de Tetman-revu dat ek is.

Dan Hâns Dijk: hy is altyd op skik, mar wol no ophâlde. Dêrom krijt hy no al in kadootsje: in foto, nommen by de betinking fan de slach by Warns, yn 2015. Hâns betanket Jaap hjir tige foar.

Jaap bringt de kaart foar Rennie Visser noch efkes yn de gedachten. Annie Wester sil de kaart meinimme.

Ta beslút hat Jaap in ferske, makke troch Hâns Dijk foar Jaap n.o.f. de Friezedei yn 2013

*Pak je in Fries syn auto ôf
syn scooter of syn brommer
dan spant hy 't hynder foar de wein
en túgt troch 'bosk en lommer'*

*Pak je in Fries syn sinten ôf
syn euro's, syn fermogen
dan hâldt er dochts syn goede sin
en fluitet ûnfertogen*

*Pak je in Fries syn Fryslân ôf
syn haadstêd en syn rjochten
dan hat er noch syn Fryske taal
dêr is er mei ferflochten*

*Nee, nimmen pakt dy taal him ôf
dy sil hy ivich sprekke
dy hat hy leard fan heit en mem
en hat him hiel djip rekke*

*Al komt de dea ek op syn paad
- want ienris moat hy stjerre -
syn lêste siken bin yn 't Frysk
en lit dat dúdlik heare*



22. Sluten fan de 92e Algemiene Gearkomste

Hâns Dijk slút de gearkomste mei in betankje oan de krite Hoarn foar de gastfrijens. Jan Vogel kin felisitearre wurde.

Hâns winsket eltsenien in moaie dei en jûn en foar dyjinge dy't nei hûs giet: goede weromreis en oant sjen.

Gerrit Stegenga, juny 2016

Ad 4 Jierferslach 2016 fan de Bounsskriuwer

It bestjoer

De hjirûnder steande minsken fan de neamde kritten hawwe sit yn it bestjoer:

H. Dijk	Boadegraven	: foarsitter
K. van der Beek	Hurderwyk	: skriuwer
T. Walstra	Ynskedee	: algemien en ynformaasjemap
G. Stegenga	Apeldoarn	: 2de skriuwer
P. Westdijk	Utert	: algemien
J. Vogel	Hoarn	: ponghâlder

Mediasaken, kontaktpersoan foar it bestjoer: J.P. Bergmans, Langeweg 75, 4133 AT Vianen, 0347-320093, e-mail: j.p.bergmans@casema.nl

Nei de AG fan 9 april is de âld-ponghâlder Albert de Jong fan Woerden dy't tydlik as administrateur beskikber wie, troch de nij ferkeazen ponghâlder, dhr. Jan Vogel fan de krite Hoarn, opfolge.

Neist Kees van der Beek wie it âld-bestjoerslid Dictus van der Woude fan Drachten fertsjintwurdige nei de gearkomsten fan de Ried fan de Fryske Beweging.

It bestjoer hat yn 2016 by inoar west op: 18/02, 21/04, 07/09 en 14/12.

De fêste fertsjintwurdigers fanút it bestjoer binne nei de gearkomsten fan de Ried fan de Fryske Beweging west: 12 maaie en 20 oktober.

Eareleden

Yn 2016 is der oan it tal eareleden neat feroare. It binne:

- Klaas Bos fan Lexmond,
- Stoffel Haagsma fan De Gordyk,
- Wietse en Hinke Hofman fan Diever
- Betty van der Schaaf-Plaat fan Leiden
- Sjoerd D. A. Bakker fan Dalfsen
- Hâns J. Weijer fan Bovensmilde

It Boun

Mei 15 oansletten kriteren, 1 Stúdzjerûnte gongen wy it jier 2016 yn mei **1978** kriteleden.

Yn it ramt fan PLAN23 is de oprop oan de kritebestjoeren dien om by har leden bekend te meitsjen, dat men sich oanmelde kin as e-mailstiper fan it Boun. Troch de oprop yn de nijs-media en op ús webside binne der oant no ta rûm 130 oanmeldings binnenkaam by de skriuwer fan it Boun. Sels út Nij Seelân, Kanada en Spanje binne ynskriuwings binnenkaam.

De Dielen

Fan de dielen Noard en West is it ôfrûne jier gjin ferslach opmakke fan Dielksgearkomsten. It diel Midslân, foarme troch de kriteren Hilversum, Utert, Seist, Lelystêd en Hurderwyk, komt jierliks ienris by inoar en fynt it útwikseljen fan ûnderfiningen tige wichtich. Dit jier kamen hja 15 maart yn Bussum byinoar.

Ledetal

Sa as al by **It Boun** beskreaun is it ledetal opnij tebekrûn.

Mei PLAN23 is de oanset jûn ta in nije loat oan de stambeam fan It Boun: it tebekrinnen fan it ledetal by de kriteren is bekend: Alde leden, dy't der by weifalle, mar gjin nije jonge leden. De bestjoeren fan de kriteren dogge alle war om elk winterskoft wer in programma foar de leden op priemmen te setten. Selskippen fan bytiden wit hoe fier komme de jûn foljen; dy kostje hannen fol jild en mei it tebekrinnen fan it ledetal rinne ek de ynkomsten werom. Yntarre op it kaptaal fan de krite kin men net tefolle en te lang dwaan en dan wurdt it programma al gau skraler of minder oantreklik en bliuwe de leden wei – wêr hâldt dit op? It binne benammen de leden dy't de fakatueres yn de kritebestjoeren opfolje en sa der foar soargje dat der stjoer jûn wurdt oan it kritelibben: alle lof dêrfoar!

Krite-aktiviteiten

Yn it oersicht fan kriteaktiviteiten falt op, dat by de measte kriteren de leden/gasten it leafst nei in toanieljûn komme. De twa toanielselskippen, dy't noch binnen it Bounsferbân aktyf binne, kinne fansels al dy oare kriteren net betsjenje. Lokkich is it toaniellibben yn Fryslân sa sûn as in fisk. Mei it tebekrinnen fan it tal leden is it finansjele draachflak wol hieltyd beheinder wurden – de prizen, dy't de selskippen freegje binne lykwols net sakke.... It tal kriteaktiviteiten is by in tal kriteren dan ek openj slonken.

Aksjes lykas it organisearjen fan aktiviteiten 'mei stipe fan...' binne wy noch net tsjinkaam.

It sykje nei nije foarmen om it de leden nei't sin te meitsjen komt mar min fan 'e grûn; Jo moatte net benaud wêze en mei in bytsje moed komme jo faaks in hiel ein. It útwikseljen fan 'goed-nijs' ûnder inoar wurket absolút – it tsjil sels útfine hoecht net mear, dat is allang troch in oar dien...

Kriteren

Foar it oersjoch fan de ledetallen en de stiftingsjierren ferwize wy nei **bylage II** (side ..). **Bylage I** (side ..) jout in oersjoch fan de kritebestjoeren en fan it Bounsbestjoer. De adressen binne aktualisearre nei de tastân fan 1 febrewaris 2017.

Foar de fierdere útwurking fan de kriteferslaggen folsteane wy mei te ferwizen nei de Ynfomap op ús webside. De adressegegevens binne dêr ek te finen : www.fryskbutenfryslan.frl.

Sa as wenst hawwe **Bounsbestjoerders** dit jier wer ûnderskate **kritejûnen** besocht. Mei de twa net-oansletten kriteren hawwe ek wer goede kontakten west.

Moetings-en Ynspiraasjedei fan 22 oktober 2016:

len fan de útkomsten fan it PLAN23 wie it organisearjen fan in lanlike aktiviteit yn de buert fan in Fryske Krite foar alle Friezen om Utens, mar foaral foar de e-mailstipers, dy't fia de mail 'oansletten' binne by it Boun sûnder lid te wêzen fan in Fryske Krite.

Wat foarhinne it Kaderwykein wie hat no dan plak makke foar in Moetings- en Ynspiraasjedei.

Hurderwyk, mei it fernijde Multifunksjonele Sintrum 'de Kiekmure' wie it plak – de Fryske Krite "Meiinoar len" fan Hurderwyk en omkriten stie foar it jûnsprogramma.

Hjir it ferslach fan dy dei, sa't dat ek nei ús e-mailstipers ferstjoerd is:

Ferslach Moetings- en Ynspiraasjedei

Fanôf 9.30 oere wienen de gasten wolkom; hja krigen in bakje kofje (of tee) mei oranjekoeke oanbean en mei in namkaartsje op wienen hja foar elkenien werkenber. Mei 30 minsken setten wy om 10 oere útein.

Dhr. Alex Riemersma fan Ljouwert, as lektor ferbûn oan de NHL en Stenden yn Ljouwert, wie de moarns ús ynlieder. Hy spruts mei stipe fan bylden oer de posysje fan de Fryske taal yn Fryslân sels en it gruttere ferbân fan Europa.

Hy makke dúdlik, dat de rol fan âlden, mar ek it ûnderwiis tige wichtich is foar it behâld fan it Frysk. Hy sette ús oan it tinken oer wat wy sels as Friezen om Utens dwaan kinne. As heit en mem, as pake en beppe is it praten fan de memmetaal tige wichtich foar de ûntjouwing fan bern en bernsbarn. Meartalich ûnderwiis – Nederlânsk, Ingelsk en Frysk spilet yn Fryslân in hieltyd gruttere rol. Riemersma ferstiet de keunst om it publyk te belûken by it ûnderwerp ek al waarden dy mei in soad sifers om de earen slein.

Om oer nei te tinken, mar ek om mei oan de slach te gean: "Is der noch takomst foar it Frysk?"

Yn't middeisskofft stie de lunsj foar ús klear – it smakke tige by tige!

Middeis fanôf 13.30 oere wienen Jan Arendz en Marije Geertsma de ynliders. Hja binne as pear al jierren betûfte akteurs en in pear. Earst as amateurs, letter as berops by Tryater, mar sûnt 2014 selsstannich artysten. Hja makken it oersicht fan it eigen artyste-bestean mei alle tûkelteammen dy't dêrby hearre. It publyk waard feral kitele mei fragen oer de takomst fan it Frysk teater- en toaniellibben. Mei nammen de kriteren dy't noch in eigen toanielselskip hawwe, krije it noch hieltyd foarinoar om spilers en in passend stik te finen. It meidwaan oan de toanielkriich, sa't dy no noch altyd yn Fryslân bestiet is foar de Bouns-selskippen net te dwaan. Wêr't foarhinne noch wolris karmasters ek by it Bounstoaniel in rol spilen, dêr is no neat mear fan oerbleaun. Toaniel sil net sa gau ferdwine – Bounstoaniel sil mei hieltyd gruttere muoite it noch in tal jierren folhâlde. De oanwêzigen hawwe net safolle hoop foar de takomst. De leeftiden fan de 'akteurs' passe lang net mear by de rollen dy't hja spylje moatte. De keunst is en bliuwt om jongfolk entûsjast te meitsjen foar toaniel en teater: as in beuker mei nocht en wille yn de poppekast boartet dan is 't suver hast skande as dat entûsjastme op lettere leeftyd ferlern giet. Hjir leit in wichtige rol foar âlden en skoallen!

De jûns stienen Jan en Marijke sels op de planken mei harren teaterfoarstelling "It Jubileum". Mei rûm 70 eigen leden fan de krite "Meiinoar Ien" fan Hurderwyk e.o. en sa'n 20 gasten, dy't fan oerdeis oerbleaun wienen, is in prachtich slot jûn oan in tige slagge dei.

Wat earder it Kaderwykein wie en foar in soad minsken 'ûnberikber' like om't hja gjin 'kader' wienen of om't de kosten foar it wykein (op Fredeshiem by Stienwyk) te swier wienen, dêr wie no de Moetings- en Ynspiraasjedei foar yn 't plak kaam. Tagonklik foar alle Friezen om utens; op in plak sintraal yn 't lân en wat de kosten oanbelanget: allinnich de lunsj wie foar eigen kosten – alle oare kosten wienen foar it Frysk Boun om Utens. De lokaasje, de fernijde Kiekmure yn Hurderwyk foldie goed – moarns moasten wy it sûnder lûdsfersterking dwaan, dy't de middeis it wer die. Wy hawwe it sûnder dwaan kinnen. De jûns hienen Jan en Marijke mei harren eigen lûds- en ljochtman de saken prima yn oarder! Mei trije Friezen om Utens, dy't net by in krite oansletten binne, is it begjin fan de doelstelling, sa't dy formulearre is yn it PLAN23 wat meager. Fan de rûm 130 ynskriuwers fan de saneamde e-mailstipers fan it Frysk Boun om Utens is dit ferslach mooglik in oantrún om de folgjende kear der wol by te wêzen. De gearwurking tusken de Fryske krite "Meiinoar Ien" fan Hurderwyk e.o. en It Boun wie poerbêst; de lokaasje prima.

It programma spruts oan, de organisaasje yn oarder! Om koart te gean: sa mear!

Kees, novimber 2016

Foar de neikommende kriteren wie **2016 in lustrumjier:**

Utert	115 jier
Apeldoarn	115 jier
Hoarn	105 jier
Boadegraven	70 jier
Lelystêd	45 jier

2017 is foar dizze kriteren **in Lustrumjier**

Haarlim	120 jier
Hilversum	70 jier

2018 wurdt foar dizze kriterien in Lustrumjier

Seist
De Helder

90 jier
110 jier

De kommunikaasje nei de kriterien en de leden ta

Alle kommunikaasje nei de kriterien ta giet fia de e-mail – it giet fluch en it is ‘fergees’ – in postsegel is net mear nedich...

Lykwols, de **kriteboekjes/blêden** binne en bliuwe ynearsten noch fan it grutste belang foar de kommunikaasje mei de leden en binne wis in binende faktor binnen de krite.

De measte kriteblêden stean tsjintwurdich kreas op de webside fan It Boun; hiel wat kriteleden binne sa stadichoan wol thús yn de digitale wrâld en mei wat help fan pake- en beppesizzers fine sy wat se sykje. Redaksjes fan de kriteblêden meitsje gebrûk fan de nije media en witte de boekjes hieltyd moaier te meitsjen – Geweldig! En meitsje mar gebrûk fan inoarren talinten; stikjes, dy’t ek nijsgjirrich binne foar de eigen kriteleden gewoan oernimme – wol de boarne fermelde...

Skriuwers en redaksjes, wer sterkte en sukses tawinske!

De Ried fan de Fryske Beweging

Dictus van der Woude en Kees van der Beek binne út namme fan It Boun fertsjintwurdige nei de Ried fan de Fryske Beweging.

De Ried fan de Fryske Beweging is it oerkoepeljend ferbân fan minsken, selskippen en organisaasjes, dy’t harren ynsette foar de Fryske taal en kultuer en de Fryske belangen yn it algemien.

De Ried is de organisaasje dy’t wat dat oanbelanget yn Fryslân de finger oan ‘e pols hâldt en sa nedich dêr de diskusje oer oangiet mei de ferantwurdlike oerheden, maatskiplike organisaasjes en it bedriuwslibben.

De foarsitter fan de Ried, de hear Geart Benedictus, skreau yn Swingel nûmer 49 dit:

Mei-inoar oan ‘e slach

Fryslân is in bysûndere provinsje troch it ferskaat oan eigen taal, kultuer, lânskip, skiednis en mienskip. Dat mingsel makket dat de minsken harren der thús fiele, der burgen binne. In bûnt ferskaat oan organisaasjes, ynstituten, ferieningen en stiftingen is dwaande om, yn ‘e mande mei de mienskip, Fryslân ta Fryslân te meitsjen. Mei syn eigen identiteit. Dat omfiemet net allinnich de niis neamde ‘grutte fiif’, mar bygelyks ek it amateurtoaniel, de skûtsjesilers, ús skriuwers, sneupers, keatsers, aaisikers, koaren, doarpsbelangen, iepenloftspullen en noch folle mear. Dat slút ek oan by de útkomsten fan ûndersyk fan it Frysk Sosjaal Planburo: de minsken yn Fryslân lykje de Fryske sporten op de foarste plakken te setten as it de identiteit oanbelanget. En dan hawwe wy it noch net iens oer skries en ljip, it Frysk hynder en oer Us Mem.

Fryslân kriget yn eigen eagen net de stipe en wurdearring dy’t it fertsjinnet: oaren soene wiis mei ús wêze moatte. De lêste tiid binne ús in pear saken by de hannen om ‘t ôf brutsen (tink mar oan it plak fan Omrop Fryslân yn it Mediabestel en de posysje fan de rjochtbank yn Ljouwert). Dêr komt noch by dat troch de skaalfergrutting fan alderhande organisaasjes en bedriuwen it frysk hieltiten mear yn de nederklits sit. Hoe soenen wy de fryske saak mei nije opteinens opnij yn beweging krije kinne?

In suksesfolle oare beweging is de biste-beweging. Dy is nasjonaal en ynternasjonaal organisearre, dy wit jong en âld te fernuverjen, hat in hege aaiberens en dy kriget saken foarinoar sûnder ta ien grutte

organisaasje te wurden. It geheim fan harren sukses is: gearwurking, mear dissiplinen derby belûke en saken planmjittich oanpakke. Hja witte politike ynset, ynhâldlike saken, bewust meitsjen en it fieren fan aksjes te kombinearjen. Elke organisaasje of ynstelling docht syn eigen ding en bliuwt der ek ferantwurdlik foar. Mar alles is wol rjochte op it ferbetterjen fan it plak fan it bist en sy stypje inoar.

Dêr kinne wy yn Fryslân wat fan leare. Sa sil de Fryske Beweging ek oan 'e slach moatte.

De Ried wol der ta bydrage dat de polityk net om it Frysk hinne kin. En noch altiten blykt it noadich, dat de Ried de lju yn De Haach oanfiterje moat om rekken te hâlden mei de Twadde Rykstaal - sjoch mar ris op de websiden www.fryskebeweging.frl en www.itnijs.frl

Wat de webside www.itnijs.frl - inisjatyf fan de Ried - oanbelanget, dêr is Kees van der Beek skriuwer/webredakteur fan. De Ried bringt twa kear yn 't jier it blêd Swingel út – jo krije dit tydskrift tastjoerd as jo stiper foar € 20,00 fan de Ried wurde. Kees sit ek yn de redaksje fan Swingel. De Ried komt twaris yn 't jier by inoar en de foarsitter fan de Ried bringt elk fearnsjier in bypraterke út wêryn't beskreaun wurdt, wat de Ried sa al docht.

Omrop Fryslân

Sjoch foar in oersjoch fan de stân fan saken it ferslach fan de kontaktpersoan foar de mediasaken, Jan Piet Bergmans by punt .. fan de wurklist (side .. en ..).

Ta beslút:

Wer tige tank foar de noflike gearwurking en foar al it wurk dat ferset is.
In goed kritejier tawinske.

Kees van der Beek, skriuwer

Ad 6a/b Finânsjes

REKKEN FAN BATEN EN LESTEN 2016 en BEGRUTTING 2017

	Begrutting 2016	Rekken 2016	Begrutting 2017		Begrutting 2016	Rekken 2016	Begrutting 2017
BATEN:				LESTEN:			
Ynlagen krite	1.000,00	989,00	1.000,00	Ferienings- en bestjoerskosten	1.000,00	836,63	1.000,00
Bydragen publisiteitskosten	160,00	368,13	160,00	Publisiteitskosten	150,00	345,20	150,00
Winstpart SBF 2015	135,00	134,98	135,00	Kosten Algemiene Gearkomste	420,00	301,50	400,00
Rintes	50,00	46,80	50,00	Kontribúsjes en stipen	135,00	25,00	150,00
Bydrage Toanielpromoasje	125,00	0,00	125,00	Toanielpromoasje	500,00		400,00
Bydrage Toaniel/ Kaderwike	1.000,00	0,00		Toanieldei & Kaderwykein	1.650,00	747,21	1.000,00
Jeften, oarkonden ensfh.	100,00	52,00	100,00	Kaderwykein, oars	320,00		
Subsydzje IFAT	1.900,00	1.916,00	1.500,00	IFAT administraasje troch BSF	415,00	414,53	450,00
Ferkeap Boek	100,00	0	100,00	Ledekaarten2014/15+2015/16		202,07	
				Ledekaarten		107,09	
				Ledekaarten 2014+2015		0,00	120,00
				Oerskot 2016		527,68	
	-----	-----	-----		-----	-----	-----
Mei-inoar	4.570,00	3.506,91	3.670,00	Mei-inoar	4.570,00	3.506,91	3.670,00
	=====	=====	=====		=====	=====	=====

BALANS OP 31 DESIMBER 2016

DEBET:	31des.2014	31des.2015	31des2016	KREDIT:	31des.2014	31des.2015	31des.2016
ING Saaklik gewoan	2.171,68	733,72	218,60	Te beteljen en te ferrekkenjen:			
ING Sparrekken	86,81	2.587,53	3.595,38	- Foarskotten en reserve IFAT	3.568,52	3.551,14	3.551,14
Kasjild	3,00	-4,00		- Stipen en lidmaatskippen	50,00	42,50	50,00
Sparrekken SNS-Regiobank	5.841,19	5.903,02	5.941,97	- Oare kosten kaderwykein	348,00	320,00	
Te ferwachtsjen ynkkomsten:				- Toanielopliedings, noch ferrekkenje	345,00		
- Winstpart S.B.F.	150,00	134,98	137,76	- Ledekaarten, noch te beteljen	335,00		
- Oanfrege subsydzje IFAT	1.882,64	1.571,00	1.458,00	Steunfûns stipe ledekriten	525,07	525,07	525,07
				Feroaringen kaptaal:			
				Begjinkaptaal 01-01-201*	4.026,65	5.646,73	6.152,54
				Oerskot/tekoart boekjier	<u>1.620,08</u>	<u>505,81</u>	<u>527,68</u>
				Einkaptaal 01-01-201*	5.646,73	6.152,54	6.680,22
Balânstotaal mei-inoar	----- 10.135,32 =====	----- 10.926,25 =====	----- 11.352,21 =====	Balânstotaal mei-inoar	----- 10.135,32 =====	----- 10.926,25 =====	----- 11.352,21 =====

TALJOCHTING OP DE REKKEN FAN BATEN EN LESTEN 2016:

Ek dit jier is der in oerskot fan rûm 500,00. Dat komt foar it grutste part troch it weifallen fan it Kaderwykein. De kosten fan in toaniel die binne folle leger. Ek de kosten fan de AG binne wolris heger west. Wol moasten we noch rekkens foar ledekaarten út it ferline betelje.

TALJOCHTING OP DE BALANS 2016:

It reserve IFAT is dit jier heger as foargeande jierren om't we dit jier folle minder kosten hiene oan toanielssaken

TALJOCHTING OP DE BEGRUTTING 2016

Om't der net yn in Kaderwykein 2017 foarsjoen is, mar yn in toanieldei is de Begrutting 2017 flink heger as yn 2016

Blokker, febrewaris 2017,

ponghâlder Jan Vogel



Ad 8 Jierrekken Sintrale Boekeferkeap

OMSETSIFERS Sintrale Boeke Fûns oer 2016

krite	Omset 2015	Omset 2016	Winstpart 2016	Boeken 2014	Cd's-dvd's 2014
<i>Apeldoarn</i>	419,30	406,85	20,97	39	
<i>Boadegraven</i>	131,45	144,40	7,22	22	
<i>Hilversum</i>	219,00	110,50	5,53	16	3
<i>Lelystêd</i>	119,95	257,30	12,87	3	
<i>Súdeast-Drinte</i>	462,40	202,80	10,14	26	
<i>Swol</i>	530,69	1.054,76	52,74	61	17
<i>Utert</i>	230,00	510,55	25,53	59	5
<i>Twente</i>	219,70	68,00	3,40	3	1
<i>FBoU</i>		287,25		60	3
<i>Mei-inoar</i>	2.699,69	3.897,97	134,98	124	6

BALANS – Sintrale Boeke Fûns op 1 jannewaris 2017

Balâns SBF 2014	2015	2016		2015	2016
ING Bank	1.418,10	771,48	Ofskriuwing foarried	12.349,92	13.928,04
ING Sparrekken	6.828,72	8.861,25	Noch te beteljen omsetpart	490,71	137,76
Foarried	13.470,90	13.928,04	Kapitaal	8.877,09	9.494,97
Mei-inoar	21.717,72	23.560,77		21.717,72	23.560,77

FERLIES & WINSTREKKEN – Sintrale Boeke Fûns oer 2016

	2015	2016		2015	2016
Ynkeap		1.148,76	Omset		3.042,41
Betelle omsetpart 2015	490,71	259,98	Rinte oer	58,60	32,53
Ynkeap			Ferskate ynkomsten		40,82
Port/km. kosten		97,01			
Bank kosten		104,46			
Ferskate kosten	369,73	119,64	Winst ferkeap oer	490,71	
Winst	1.130,87	1.385,91	Ofskriuwing foarried	1.442,00	
Mei-inoar	1.991,31	3.115,76		1.991,31	3.115,76

Jelma Wiergersma/JanRoelants

Ad 9. Algemeene Gearkomsten 2018 en 2019

Foar 2018 is it Bounsbestjoer yn oerlis mei de Kommissaris fan de Kening yn Fryslân en de tariedingskommisje KH2018 om de AG fan dat jier yn it ramt fan Kulturele Haadstêd fan Europa yn Ljouwert te hâlden om dêr dan tagelyk in spesjale Friezedei fan te meitsjen. Wy tinke oan sneon 14 april 2018 (1 en 2 april binne dat jier de Peaskedagen). In 2019 sykje wy noch in geskikte lokaasje.

Ad 10 Toanielsaken

By alle bestjoersgearkomsten fan it Bounsbestjoer wurdt de stân fan saken op it mêd fan toaniel besprutsen. It ôfrûne jier is der mei de Moetings- en Yspiraasjeden fan 22 oktober mei ien deidiel rom omtinken jûn oan toanielsaken. Ynliders wienen Jan Arentz en Marijke Geertsma. It ferslach fan dy dei – sjoch side Foar de beide toanielploegen dy't binnen it ferbân fan it Boun aktyf binne is it wat langer wat mear in toer om in geskikt stik te finen, dêr't mei nammen de âldere spilers yn passe.

”It Frysk Amateur Toaniel”

IFAT is yn 1953 oprjochte troch:

- BFT – Boun fan Fryske Toanielselskippen
- FBOU – Frysk Boun om Utens
- It âld Selskip – Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy't ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.

IFAT besiket dat doel nei te stribjen troch it stypjen fan toanielkrigen, fan stúdzjedagen en stúdzjewykeinen, fan karmasterskursussen, fan kursussen beljochting, dekôrbou en oare toanielomballings, rezykursussen, en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal.

IFAT is in lanlike organisaasje en kriget sûnt 1953 lanlike subsydze, sûnt 2002 yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak "Fryske Taal en Kultuer". IFAT behertiget de belangen fan de trije oansletten organisaasjes benammen yn it oerlis mei de oerheid oer it subsydzjebarren.

IFAT: De takomst fan it Frysk binne wy sels!

Foar it FBoU hiene sit yn IFAT: Hâns Dijk en Pietie Westdijk-Kaastra

Ad 11 Bestjoer - ferkiezing leden bestjoer

It roaster fan ôfgean sa't ús bestjoer dat fêststeld hat is:

2017: Hâns Dijk en Tia Walstra

2018: Kees van der Beek

2019: Pietie Westdijk-Kaastra

2020: Gerrit Stegenga en Jan Vogel

Dit jier binne dus Hâns Dijk en Tia Walstra reglemintêr oan bar om ôf te gean. Beide hawwe te kennen jûn **net** werkiesber te wêzen. It bestjoer hat it ôfrûne jier nei ferskate oproppen gjin reaksje krigen en is dan ek sels op syk gien nei kandidaat bestjoersleden.

.....

It bestjoer ropt lykwols nochris alle kritebestjoeren op om mei (tsjin)kandidaten te kommen. Soks alhiel yn oerienstimming mei it Húshâldlik Reglemint fan it Boun. Komme dy net foar 1 april binnen by de skriuwer fan it Boun (Kees van der Beek – skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl) dan docht it bestjoer it útstel om op de AG fan 8 april Jan Bijkerk te ferkiezen yn de funksje fan foarsitter fan It Boun. Yn de fakatuere fan Tia Walstra binne oant it útkommen fan dit AMBYLD noch gjin nammen fan kandidaten by it bestjoer binnenkaam; wy hâlde dêrom de ynfolling fan dizze fakatuere yn beried.

Ik wol der wol op wize, dat it gjin fereaske is, dat Bouns-bestjoersleden teffens bestjoerslid fan in krite wêze moatte.

KvdB

Ad 12 PLAN23 – hoe fierder mei it Frysk Boun om Utens

De Doelstellingen fan it Boun binne:

1. In bân lizze tusken Friezen bûten Fryslân en by harren it Fryske folkskarakter yn al syn uteringen, benammen yn de taal te bewarjen en te befoarderjen;
2. By oaren as Friezen niget oan en begryp te bringen foar Fryslân, de Fryske taal, kultuer en skiednis.

Op de webside fan It Boun stiet ûnder dizze doelstellingen beskreaun, hoe't It Boun dizze doelstellingen foarm jaan wol.

Nei it Kaderwykein fan oktober 2014 is fanút de evaluaasje troch it Bounbestjoer aksje ûndernommen om net allinnich mar nei te tinken, mar ek mei in plan te kommen: dat is yn 2015 it PLAN23 wurden.

Dizze namme is keazen om hjirmei oan te jaan, dat It Boun yn 2023 it 100 jierich bestean fiere wolle!

Mar mei it tebekrinnen fan it tal kriterien en dêrmei it weifallen fan in tredde part oan kriteleden yn de ôfrûne 7 jier is it heljen fan dat jubileum in benaud foarútsjoch wurden. Dêr wol it bestjoer dan ek alles oan dwaan om dy trend te kearen. Wy binne ús goed bewust, dat wy dêrmei fansels as idealisten miskien wol te heech gripe; wy binne realistysk genôch om te begripen, dat wy Friezen om Utens, dy't no noch de skouders der ûnder sette wolle, hieltyd âlder wurde en dêrmei wurdt de basis wol stadichoan hieltyd smeller...

Mar neat dwaan betsjut dat wy mooglik it 'ljocht' útdwaan kinne tsjin de tiid, dat wy eins in feestje bouwe wolle...

Wy folgje dêrom foar de kommende jierren dizze strategy:

- Wy roppe no wer alle kriterien op, om har leden te freegjen de digitale adres-gegevens (e-mail) fan harsels, mar likegoed ek dy fan kunde, famylje, freonen mei Fryske woartels, sawol yn ús eigen lân as yn 't bûtenlân, troch te jaan. Al dy mail-adressen (lid of net-lid) wurde sammele troch de skriuwer fan It Boun. Dy soarget foar de nijsfoarsjenning nei al dy Friezen om utens oer it silen en farren fan de kriterien en it Boun, mar ek fan oar nijsgjirrich fryksinnich nijs; soks stiet dan ek allegearre op ús webside.
Is soks net dûbeldop? Elkenien kin soks dochs ek sels opsykje?
Jawis, dat is wier... Mar, ús doelgroep is de âlde kant it neist en wy wolle net dat se der yn fertiizje. Sa kriget elk it dan ek 'byt-klar' oanbean.
- As 'slachrjemme op 'e taart' hâlde wy jierliks in moeting- en ynspiraasjedei mei útrin nei de betide jûn op in sintraal plak yn't lân.
- Wy sykje nei mooglikheden om it kader/bestjoer fan de kriterien te styppen troch foarming.

It útwurkjen fan it ien en oar sil fêst net it maklikst wêze: der sit in hûd fol wurk oan fêst. Mar : neatdwaan is gjin opsje. Wy hoopje op de meiwurking fan alle kritebestjoeren – wy hawwe yn dit PLAN 23 inoar mear as ea noadich.

Wy hawwe alle kriterien útnoege om mei ús mei te tinken oer de foarm en ynhâld fan dit PLAN23. Yn it ramt fan Kulturele Haadstêd fan Ljouwert yn 2018 wol it Bounbestjoer har Algemiene Gearkomste (AG) takomme jier yn Ljouwert hâlde. Dan bestiet it Boun 95 jier en is it ek de tiid foar in Friezedei, dy't yn 2013 foar 't lêst west hat. Dy Friezedei yn kombinaasje mei de AG past neffens it bestjoer tige goed by it tema fan KH2018 : MIENSKIP en dêrom binne de noadige kontakten mei it organisaasje kommitee fan KH2018 lein en is de kommissaris fan de Kening frege om dy dei de ynlieder te wêzen op de AG om syn rol neier te tsjutten.

- Fierders is mei klam steld, dat der gjin lede-jild as e-mailstiper fan It Boun frege wurde moat; de drompel moat sa leech mooglik bliuwe.
- Troch it tebekrinnen fan it tal kriterien de ôfrûne jierren is nammenstemear dúdlik wurden, dat der wat oars barre moat om dy Friezen om Utens byinoar te hâlden – de kriterimideis/-jûnen binne hjoeddedei skynber net mear genôch om dy Friezen te binen.

Yntiid bliuwt by alle kriterien de fraach oerein om har leden oan te trunen om harren e-mailadressen oan de Boun-skriuwer troch te jaan: skriuwerfbou@fryskbutfryslan.frl

Ad 13 Kontakt bestjoersleden mei de kriteren

Yn it bestjoer fan It Frysk Boun om Utens is al jierren de ôfspraak, dat hja op ien of oare wize kontakt ûnderhâlde mei de kriteren yn ús lân. Op 't stuit binne der 16 kriteren oansletten by It Boun en 2 binne net oansletten.

Yn it bestjoer hawwe wy ôfspraken makke hokker bestjoerslid mei hokker kriteren kontakt ûnderhâlde sil; dat sjocht der sa út:

Hâns Dijk – hanshenny.dijk@ziggo.nl

Pietie Westdijk-Kaastra – pcwestdijk@planet.nl

Gerrit Stegenga – gerrit.stegenga@planet.nl

Kees van der Beek – skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.fr

Tia Walstra – tiawalstra@telfort.nl

Jan Vogel – yellowbirds53@gmail.com

De Haach, Utert, Seist, Hoarn,
Hurderwyk, Boadegraven en Hilversum
Twente en Meppel,
Lelystêd, Swol en Arnhem,
Apeldoarn, Súdeast Drinte en Assen
Haarlim, De Helder en Roan

Mar, wat hâldt soks no yn?

Yn 't foarste plak is it bestjoerslid yn prinsipe de earste kontaktpersoan tusken krite en Bounsbestjoer as der swierrichheden of fragen binne. Om de bân te ûnderhâlden is it mooglik in idee om as kritebestjoer it kontakt-bestjoerslid fan it Boun ris út te noegjen foar in bestjoersgarkomst....

It riden en farren fan de kriteren giet ús, dat mei dúdlik wêze, oan it hert!

Ad 14 Moetings-ynspiraasje dei 2017 (ideeën)

Nei de tige slagge Moetings- en Ynspiraasjedei op 22 oktober ferline jier is it útstel om oppenij Hurderwyk as lokaasje te brûken.

Mooglike datum: sneon 28 oktober 2017.

Suggestjes foar de ynhâld fan dy dei binne tige wolkom!

Ad 15 Mediasaken / Omrop Fryslân – Jan Piet Bergmans

Yn april 2016 seach it dernei út dat Omrop Fryslân har selsstannichheid kwyttrekke, mar de polityk is net foar te sizzen. It it is hiel oars rûn.

Op 1 maart 2016 naam de Earste Keamer yn it debat oer de Mediawet de moasje fan senator Ten Hoeve fan de OSF-fraksje oan. Dy moasje pleite foar in aparte mediarij foar Fryslân en goede finansjele ôfspraken foar de takomst fan Omrop Fryslân.

De wetswiziging wie al opdield yn twaen. In part gie troch nei de Earste Keamer. Mar by de fierder behanneling is it wetsútstel modernisearing regionale omrop oanhouden troch de steatssekretaris.

Dêrom ferwize de Bestjoersôfspraken Frysk yn de Media 2016 nei de hjoeddeistige mediawetjouwing. Wannear't de regionale omroppen troch wiziging fan wetjouwing dochs opgeane yn de Regionale Publike Omrop (RPO), wurdt der neffens de moasje fan Ten Hoeve in ûnôfhinklike Fryske mediarij

ynsteld. Dy kriget dan eigen foegen oer it beneamen fan de haadredakteur fan Omrop Fryslân, it fêststellen fan de jierplannen fan de Omrop en it foarsjen fan de middels oan de Omrop. Troch de nije situaasje oer de regionale omrop binne der no nije ôfspraken makke tusken deputearre Sietske Poepjes en steatssekretaris Sander Dekker fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip. Op woansdei 14 desimber 2016 ha sy de Bestjoersôfspraken Frysk yn de Media 2016 ûndertekene. Dêr steane ôfspraken yn oer it Frysktalige media-oanbod en de posysje fan Omrop Fryslân yn it wizige mediabestel. Dizze ôfspraken binne ûnder oare basearre de moasje fan senator Hindrik ten Hoeve. Der binne ek ôfspraken makke oer de finânsjes. Yn de Bestjoersôfspraken stiet dat it Ryk neist de reguliere middels noch € 1,8 miljoen fia de NPO en € 50.000 streekrjocht it jier beskikber stelt foar de Frysktalige programmearring op radio, telefyzje en ynternet. De provinsje Fryslân wol fan 2017 ôf alle jierren € 655.800 bydrage. Dêrnjonken kinne Ryk en Provinsje op projektbasis middels oan Omrop Fryslân jaan foar bysûndere programma-projekten.

Kontaktpersoan Mediasaken, Jan Piet Bergmans



Ad 16. Promoasje Boun

It promoasjewurk beslacht it neikommende:

- Om't de takomst leit by de jongerein advertearje wy út en troch yn it **studintefermidden**, lykas foar it Krystkongres, in studinte-almenak.
- Skriuwe yn blêden of op websiden fan oare organisaasjes**, sa as de Afûk, de Fryske Akademy, de Ried fan de Fryske Beweging en Fan Fryslân.
- De organisaasje moat te finen wêze yn neislachwurken sa as bgl. de Provinsjale almenak fan Fryslân, it Bûsboekje, Pietersen's Almanak, guon databanken op ynternet, ensfh.
- Berikber wêze en ynformaasje jaan op it ynternet mei ús webside www.fryskbutenfryslan.frl.
- It docht bliken dat ús webside – sjoen it tal besikers – aardich goed besocht wurdt.
- De krite meitsje hieltyd faker gebrûk fan de mooglikheid om har programma fia Facebook oan't publyk bekend te meitsjen.

De redaksje fan de webside bestiet no út Jan Bijkerk en Kees van der Beek.

Ad 17. Nijsoarsjenning nei de kriteren ta

Dêrfoar hawwe wy ús **Ynformaasjemap**. Alle kriteren hawwe yn maart de Ynformaasjemap 2015/2016 krigen fia de mail. Sa't jimme witte stiet dy Ynformaasjemap ek op ús webside en wurdt der ek regelmjittich ferfarske. Dy ferfarsking wurdt boppedat oer de mail nei alle skriuwers fan de kriteren stjoerd. Op dy wize kinne wy de kriteren flugger berikke en it sparret ús in protte wurk en tiid. Boppedat is it stikken goedkeaper.

De Ynformaasjemap is op de webside fan It Boun sûnder wachtwoord beskikber.

Meitsje sa folle mooglik gebrûk fan ús webside: www.fryskbutenfryslan.frl, benammen ek fan de mooglikheid op de "eigen kriteside" ynformaasje te jaan oer jimme programma en wat noch mear nijsgjirrich wêze kin foar oaren. Sjoch ek ris ûnder de knop "Weblog". Op sa'n wize kin in ûnderlinge diskusje yn gong set wurde, mei wa wit wat foar ferrassende resultaten.

Alle kritebestjoeren hawwe tsjintwurdich de mooglikheid om op dizze wize gebrûk te meitsjen fan de Ynformaasjemap; in útprinte eksimplaar wurdt dêrom ek net mear tastjoerd.

Foar hiel wichtige ynformaasje stjoere wy de kriteren in e-mail ta, mei in ferwizing nei de webside oer wat der feroare is. In kopy fan dy e-mail en fan de feroare ynformaasje giet dan nei de krite, dy't gjin gebrûk fan ús webside meitsje kin.

De fersprieding fan It AMBYLD, mei de gearkomstestikken foar de jierlikse Algemiene Gearkomste, giet fia de mail en is yn te sjen op ús webside.

Tia Walstra

Ad 18. Folkshegeskoalle Schylgeralân

Op in prachtige lokaasje yn de bosk fan Skylge, deunby it Noardseestrân en it Wrâlderfoed Waadsee, fine jo de Folkshegeskoalle Schylgeralân. Jo binne dêr fan herte wolkom foar in ferskaat oan kursussen en aktiviteiten en foar in hearlik fersoarge ferbliuw. Unstpannend, learsum of kreatyf, ek yn 2017 is it der wer op de Folkshegeskoalle. It oanbod is yndield yn tema's, mar der binne ek alle mooglike kombinaasjes mooglik, lykas de natuer en skilderjen of besinning en taal.

Foar in folslein oersicht fan aktiviteiten dit jier sjoch de Jierkalinder 2017 op de webside www.folkshegeskoalle.frl

Efkes allinnich mar ûntspanne? Dat kin ek. Underskate ferbliuwsmooglikheden kinne ek los boekt wurde, yndividueel of mei in groep.

Edukaasje, natuer en ferdivedaasje yn de Skylger bosk. Ynskriuwe foar in kursus kin fia de webside Of se help jo graach tillefoanysk op wei: 0562 – 448954. Hiel graach oant sjen op de Folkshegeskoalle. Kom, nim de tiid foar josels en genietsje!

Foar ynformaasje: info@folkshegeskoalle.nl
 Webside: www.folkshegeskoalle.frl
 It adres: Folkshegeskoalle Schylgeralân
 Badwei Hoarne 11
 8896 KC Hoarne Skylge
 tillefoan: 0562 – 448954



Bylage I by jierferslach skriuwer

Haadbestjoer:

Foarsitter	Hâns Dijk , Raadhuisplein 33, 2411 BD Bodegraven, 0172 - 613143 hanshenny.dijk@ziggo.nl ;
Skriuwer	Kees van der Beek , Beemdweg 29, 3852 XC Ermelo, 0341 - 559343 skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.nl ;
Ponghâlder	Jan Vogel , Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker, 0229 – 234012 yellowbirds53@gmail.com ;
Twadde skriuwer	Gerrit Stegenga , Texandriiaan 49, 7312 HP Apeldoorn, 055 - 3556700 gerrit.stegenga@planet.nl ;
Lid Toanielsaken	Pietie Westdijk-Kaastra , Het Spoor 20, 3994 AK Houten, 030 - 2318224, pcwestdijk@planet.nl ;
Lid Algemien, Ynfomap	Tia Walstra , Coendersborg 13, 7608 GL Almelo, 0546 - 86 68 29, tiawalstra@gmail.com ;

Webmaster	Jan Bijkerk , Schoener 43-02, 8243 VZ Lelystêd, 06 - 537 660 61 itbounomutens@janbijkerk.nl ;
SBF Sintrale Boek Ferkeap	Jan Roelants , Joke Smitplein 16, 3581 PZ Utrecht, 030 - 2010118 jhw.roelants@online.nl ; Jelma Wieggersma , Nijverheidsstraat 11 8263 AL Kampen, 038 - 3311670 jelmawieggersma@gmail.com ;
Media saken	Jan Piet Bergmans , Langeweg 75, 4133 AT Vianen, 0347 – 320093 j.p.bergmans@casema.nl ;

Eareleden fan it Frysk Boun om Utens

K. Bos, ds. Magendansstraat .. , 4128 LS Lexmond, 0347 - 341966
S. Haagsma, De Doppen 21, 8401 AG De Gordyk, 0513 - 465541
W. Hofman, Kerkpad 7, 7981 AW Diever, 0521 - 591505
Frou H. Hofman, Kerkpad 7, 7981 AW Diever, 0521 - 591505
E. van der Schaaf-Plaat, Vlietweg 40, 2323 LC Leiden, 071 - 5760636 ,
Sjoerd D.A. Bakker, Koelmansstraat 10, 7722 LX Dalfsen, 0529 – 401683
Hâns J. Weijer, van Emstplein 25, 8426BX Appelskea, 0516 - 426473

Oansletten Kritten (skriuwer/ster – it mailadres kin fan in oar wêze!)

Apeldoarn: "FIER FAN HUS", 0313-652794; F. van Laar-de Vries, Rentmeesterstedeweg 10, 6961 DA, Eerbeek; froukjedv@kpnmail.nl;

Arnhem : Stúdzjerûnte 'Dr. Eeltsje Halbertsma': 026-3615565; Kontaktpersoan: Obe Posthumus, Middachtensingel 111, 6825 HK Arnhem; g.r.hoekema@planet.nl;

Assen: "US MEMMETAEL", 0592-352932; Hans Groenhof, Broeklaan 56, 9405 AN Assen; hansenmetje@home.nl;

Boadegraven: "FIER FAN HUS", 0172-615129; T. Broere-Tiesinga, Raaigras 22, 2411 DW Boadegraven; tinibroere@kpnmail.nl;

De Haach: "RJUCHT EN SLJUCHT", 070-3455754; Antina Brandsma; at.brandsma@solcon.nl;

Haarlim: "GYSBERT JAPICX", 0299-671170; T.L. Rijpkema-van Malsen, Grootschermerweg 8, 1843 HE Grootschermer; kritehaarlem@hotmail.com;

Hilversum: "FRYSK EN FRIJ", 035-6249624; A.R. Koopmans-Nieuwland, Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum; kritehilversum@gmail.com;

Hoarn: "TROCH DE TAEI FORBOUN", 0229-234012; Jan Vogel, Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker; yellowbirds53@gmail.com;

Hurderwyk: "MEI INOAR IEN", 0341-559343; Kees en Siska van der Beek, Beemdweg 29, 3852 XC Ermelo; savanderbeek@gmail.com;

Twente: "FREONEN FRYSKE KULTUER", 0545-292836; Auke Hoekstra, Barmmentlo 18, 7176 KH Neede; a.hoekstra1@lijbrandt.nl;

Lelystêd: "DE SEKRITE", 0320-412444; Luut Dijk, Saerдам 143, 8242 JD Lelystad; luit.dijk@kpnmail.nl;

Meppel: " WALING DYKSTRA", 0522-240517, Romke E. Egbers, Heerengracht 15, 7941 JH Meppel; walingdijkstra@kpnmail.nl;

Seist: "MEI INOAR", 030-6562555; Ida Knobbe, Pr. Bernhardstraat 24, 3981 BN Bunnik; iknobbe@hccnet.nl;

Súdeast-Drinte: "SUDEAST-DRINTE", 0524-513783; Anne Tuiten, Palmanovastraat 23, 7742 CC Coevorden; anneroelietuiten@planet.nl;

Swol: "FRYSK SELSKIP SWOL", 0570-522329; J.Tj. Kuipers, Mandenmakershoek 5, 8131 CZ Wijhe; jantjerkkuipers@gmail.com;

Utert: "FRYSLAN", 0347-320093; J.P. Bergmans, Langeweg 75, 4133 AT Vianen; j.p.bergmans@casema.nl;

NET-OANSLETTEN KRITEN:

Den Helder (stiper!): "GYSBERT JAPICKS", 06-42802376; Y. de Vreeze, Middenweg 46, 1782 BH Den Helder; ydevreeze@hotmail.com;

8 april 2017

Roan: "ROAN EN OMSTREKEN"; 050-5013526; Klaziena van der Molen-Kampen, M.L. Kingstraat 8, 9301 GX Roden; gvdmolen@home.nl;

Bylage II by jierferslach skriuwer – ledetallen ensfh. en stiftingsjierren

Ledetallen:

KRITEN	OANTAL LEDEN		YNLAGE		TAGONGSPRIIS	
			Euro's		grutte toanieljûn	
	31-12-2015	31-12-2016	ienling	pear	lid	net-lid
Arnhem	30	30				
Apeldoarn	250	239	10,00	20,00	12,50	17,50
Assen	208	195	8,00	15,00	10,00	12,50
Boadegraven	75	70	8,50	17,00	15,00	17,50
De Haach	95	100	15,00	30,00	n.v.t.	
Haarlim	112	112	9,10	18,20	3,50	10,00
Hilversum	112	100	15,00	30,00	5,00	10,00
Hoarn	158	145	10,00	20,00	2,50	7,50
Hurderwyk	119	114	12,50	25,00	5,00	10,00
Twente	155	154	17,50	30,00	0	9,50
Lelystêd	105	98	12,00	24,00	5,00	10,00
Meppel	75	82	25,00	50,00	0	10,00/14,00
Sudeast-Drinte	154	141	10,00	15,00	11,00	16,00
Swol	155	147	38,00	76,00	0	5,00 (+)
Seist	118	94	15,00	30,00	10,00	12,00
Utert	89	81	12,00	24,00	10,00	12,50
TOTAAL	1978	1855				

10 resp. 15 euro

Stiftingsjierren:

KRITEN	OPRJOCHTE YN		2016	2017	2018	2019	2020
Haarlim	1897	22-dec		120			
Swol	1899	8-feb				120	
De Haach	1899	1-okt				120	
Utert	1901	24-jan	115				
Apeldoarn	1901	9-dec	115				
Hoarn	1911	11-nov	105				
Meppel	1924	20-feb				95	
Seist	1928	20-dec			90		
Assen	1930	18-dec					90
Boadegraven	1946	15-jan	70				
Hilversum	1947	8-mrt		70			
Lelystêd	1971	26-nov	45				
Hurderwyk	1979	8-mei				40	
Twente	1980	22-mei	35				40
Sudeast-Drinte	1994	12-apr				25	
Arnhem	1980	20-mrt	35				40
stiper:							
Den Helder	1908	27-jun				110	

Krite-aktiviteiten:

KRITEN	TOAN	KABA	LYTSK	TSJER	NIJ-B	DUNS	EKSK	STUD	LEZIN	OARS
Apeldoarn	1/80	1/100			1/35					
Arnhem								4x		
Assen	1/100	1/80		1/45	1/70					
Boadegraven	1/50	1/60	1/110*		1/53					
De Haach	Gjin opjefte									
Haarlim	3/50				1/65					
Hilversum	2/52				1/32					
Hoarn	1/75	1/75	1/75						1/35	
Hurderwyk	3/70		1/60		1/36					
Twente	1/45	1/45		1/50	1/27		1/33			
Lelystêd	1/50	1/85			1/60					
Meppel	1/45	1/45			1/45		1/15			
Sudeast-Drinte		1/40			1/45				2/35	1/30
Swol	1/150	1/100	1/100	1/90	1/80***		1/28	1/10	1/60	
Seist	2/35	2/28		1/35	1/32			4/11		1/30
Utert	1/34	1/33	1/110**		1/36				1/23	
*110 = Jubileumjûn **110 = Mienskiplike jûn Utert mei Seist ***80 = Krystmiel										